

Drachten, 9 maaie 2017

Sjueryrapport ferhalen 2017

Goedemiddei skriuwers en goedemiddei alle oare minsken!

Wy mochten fan it Skriuwersboun, Cedin en it Friesch Dagblad al jim ferhalen lêze en de trije moaisten útkieze. Wy, dat binne: Geart Tigchelaar: skriuwer en dichter, Paul van Dijk, in skriuwer en dichter en iksels: in skriuwer.

It tema foar dit jier wie ‘Gjin Styl?!’, ta eare fan it feit dat 100 jier lyn de Nederlânse keunstrjochting De Stijl oprjochte waard. Dêrom binne we hjir no ek yn it moaie museum fan Drachten, dy’t hjir in tentoanstelling oer De Stijl hat. De Stijl hat in soad ynfloed hân op de keunst. Yn in protte ferhalen kaam it tema ‘Gjin Styl?!’ werom. Soms die Gjin Styl tinken oan GeenStijl. Oaren pakten dit tema hiel kreatyf oan.

We gienen sa te wurk: we liezen alle ferhalen foar ússels en makken der oantekenings by. Op in sneontemiddei binne we byinoar sitten gien en hawwe we deroer kediisd. Meastal wienen we it o sa iens en oer in pear ferhalen hawwe we it wat langer hân.

By de bern wienen der tolve ferhalen ynstjoerd. De ferhalen gienen oer tige ferskillende saken, mar gamespultsjes en min-ôf-rinnende-fakânsjes-yn-it-bûtenlân kamen faak foar. Wy binne bliid dat jimme sa stoer west hawwe om jimme ferhalen op te stjoeren. We hawwe foaral sjoen nei de spanning, de orizjinaliteit, de styl, de opbou fan de ferhalen en nei de komposysje, dus nei hoe’t in ferhaal yninoar sit. Mar it wichtichste wie fansels oft we it gewoan in moai ferhaal fûnen.

Yn alle gefallen wie it dúdlik dat jim de ferhalen sels skreaun hienen, want oeral stienen wol skriuwflaterkes en omdraaide tiidwurden yn. Dy fouten hawwe we net yn ús oardiel meinommen.

We fine it prachtich dat bern Frysk skriuwe mar soenen it moai fine as der takom jier dochs wat mear ferhalen binnenkomme.

It skriuwen fan in ferhaal is fansels wol wat dat je even oefenje moatte, thús of op skoalle. Jimme as bern fine it gjin probleem in spannend begjin te betinken, mar dy

spanning folhâlde, it ferhaal útbouwe en wer moai – en dan leafst ek noch ferrassend einige litte – is eat wat je yn 'e fingers krije kinne troch it in soad te dwaan. We tinke dat oan soks by taal en Nederlâns op skoalle wol tiid bestege wurdt, mar wa't echt ferhalen skriuwe én publisearje wol, dy kin it altyd besykje yn de doarpskrante fan it doarp dêr't je wenje of it bledsje fan de sport dêr't je op sitte, dy binne altyd bliid mei kopij. En it hoecht fansels ek net altyd printe: op ynternet tilt it op fan de mooglikheden: dêr kinst oeral dyn ferhaal kwyt: op dyn eigen Facebook-pagina of miskien hast wol in eigen bloch.

De ferhalen dy't dit jier wûn hawwe, hawwe alle trije in goede opbou. Sa begjint it ferhaal dat de tredde priis krijt mei de rigel:

“Ricardo! Sjit of gean der wei!” De eagen fan Sharon stoarren Ricardo oan. Hy koe it net. Hy koe har net delsjitte.’

Oan 'e ein fan it ferhaal komt de skriuwer wer by dat begjin werom. Dan witte we wat der oan 'e hân west hat mei dy Sharon en Ricardo en sjogge we hiel oars tsjin de sitewaasje oan. We tinke dat de skriuwer sa oan it wurk kin by *Flikken Maastricht*. Sy hat mei de komposysje fan it ferhaal boarte, de iene kear fertelt Sharon, de oare kear fertelt Ricardo. It is in ferhaal dêr't in soad yn bart en it sakket nergens yn en it giet hjir om it ferhaal *De Oanslach* fan Lotte Herder, dat de tredde priis krijt!

De twadde priis is foar in drôvich ferhaal, moai fan styl, mar kwa tematyk wol eat dêr't we as sjueryleden justjes kjel fan waarden, want der sprekt in soad fertriet en iensumens út. It is minder in ferhaal mei in begjin en in ein as in fragmint út in deiboek, mar it is dúdlik dat de skriuwer wit hoe't se in tekst opsette moat. Der sit in protte fariaasje yn de sinnen, der is in moaie ôfwikseling fan koarte en langere sinnen. Der komt wolris in klisjee yn foar, mar der steane moaie beskriuwings foaroer as: 'Ik waard ien mei drugs', dêr't je 'Ik rekke oan de drugs' ferwachtsje. It giet hjir om *Depresje waard har dea* fan Hiske de Boer.

En dan is de earste priis foar it meast orizjinele ferhaal mei in hiel bysûndere haadpersoan, nammentlik in bakstien. It is spitich dat it winnende ferhaal net mear ferfilme wurdt, want wat dit ferhaal betreft hoegde it om de kosten net oer te gean. Want it meast spannende dat de bakstien belibbet, is dat er yn in muorke mitsele wurdt en dat it muorke dernei stikken slein wurdt. Mar as lêzer libje we yntusken al

mei, mei de bakstien. Allinne al it feit dat de skriuwer de muoite nimt him yn te libjen yn in bakstien en it oandoar dy as haadpersoan te nimmen en inkeld en allinne syn libben te beskriuwen is in priis wurdich. Der dan ek noch in meinimmend ferhaal mei in lokkich ein fan te meitsjen, mei in earste priis hawwe. It giet hjir fansels om it ferhaal *Bakstien* fan Michel Zuidema!

By de folwoeksenen wienen aardich wat ynstjoerings, 39. En dêr siet fan alles by. Humoristyske, fertrietlike en lilke ferhalen. Lilke ferhalen? Ja, guon skriuwers begûnen mei in haadpersoan mar ferlearen geandewei de tried en it perspektyf út it each en joegen harren eigen miening oer wat der allegearre net doogde yn de maatskippij. Guon moasten der om tinke dat se yn harren eigen ferhaal bleaunen. As je in miening jaan wolle oer eat, brûk dan de foarfallen en de personaazjes en stap net út it ferhaal.

Lykas by de bern, hat de sjuery de ferhalen mei flaters ek meirekkene, want oars wienen der net in protte oerbleaun. Mar we wolle foar de takomst de tip jaan: fersoargje it ferhaal datst ynstjoerst tenei goed en helje de flaters derút. En lit dyn ferhaal altyd lêze troch 'ien dy't der ferstân fan hat'.

De measte folwoeksen ferhalen hawwe op ien of oare manier it tema fan 'Gjin Styl?!' ferwurke.

Yn it ferhaal dat fan ús de tredde priis krige, liket De Stijl sels de haadpersoan te wêzen en is it tema uterst orizjiniel ferwurke. Der is sprake fan in hûndertjierrige man dy't syn hert nei dokter bringt en seit dat it net mear past en dat er in nijenien wol. Der barre in soad ûnbegryplike saken mei de man mei streekjes en blokjes op syn lichem. It is in mearke, dêr't men by weidreame kin mar dan werom skuord wurdt troch de tipelsinnige dingen dy't der barre. It is fynfielend en moai beskreaun en it giet hjir om *Oare Streken* fan Tryntsje van der Veer.

It ferhaal dat de twadde priis krijt falt alderearst op troch de taal, it Stellingwarfs en it is dêrmei ien fan de ferhalen dy't net yn it Standertfrysk skreaun binne. Dêr wie de sjuery hiel bliid mei, want it hat dochs wat ekstra's as der noch mear minsken yn harren memmetaal skriuwe kinne.

Dit ferhaal dat yn de Twadde Wrâldkriich spilet mar ek yn it no, moat men yngeand lêze en dan sjocht men hoe fernimstich it yninoar stekt. Moai is it ferflechtsjen fan de wite blokjes fan it Holocaustmonumint yn Berlyn en de kleurde

blokjes fan Theo van Doesburg, de De Stijl-man, dêr't oer sein wurdt: 'Mar hi'j had de vlakkies kleur geven. Had d'r wat aorig's van maekt.'

Moai is ek de hope dy't de haadpersoan oan 'e ein fan it ferhaal, troch dat jaan fan kleuren krijt. *Niet langer wit...* fan Harmen Houtman krijt hjirby de twadde priis.

Krekt as by de bern krijt it, op it each it simpelste ferhaal, de earste priis. Foar ien sjuerylid wie dit it iennige dêr't er lûdop by lake hie. It giet oer trije manlju yn in boat op see en begjint mei: 'Shantysjonge, wis en wrychtsjes, dat dienen wy.' Dan giet it yn in flot tempo oer de tipelsinnichheden fan boatsman Joris. De skriuwer wit de gong deryn te hâlden en hâldt him goed oan de reade tried, betinkt der gjin oare dingen by en koerst nei de prachtige en ferrassende ein, dêr't alles byinoar komt, sels de shantyferskes en it tema 'styl'. In skoalfoarbyld fan wat in koart ferhaal wêze moat en ek noch knap humoristysk. De earste priis wurdich dy't ornearre is foar it ferhaal *Jan-Pyt, Joris en Corneel* fan Jan Bijlsma!

En dan bliuwe dyjingen oer, dy't wol in ferhaal ynstjoerd hawwe en net by de priiswinners sieten. Se hoege harren ferhaal net direkt te *deleten* of yn it jiskefet te smiten. De Fryske literêre tydskriften wolle altyd graach ferhalen publisearje. Besykje it ris, stjoer it op nei *Ensafh* of *De Moanne*. En skriuw de oare kear wer in ferhaal en stjoer it op! Learst ferhalen skriuwen troch it te dwaan. Wa wit, sitte jim der in folgjende kear by!

Hjirby wolle we it bestjoer tankje foar it betrouwen dat se yn ús as sjuery steld hawwe en betankje ik Paul en Geart foar de noflike gearwurking.

De sjuery,
Jetske Bilker,
Paul van Dijk
Geart Tigchelaar